

Ferjilding

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 732 3

1e printing 2015

© 2015, Manuela Köster

Utgjowerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Tantalus III

Ferjilding

Manuela Köster



Mei tank oan Roely de Boer en Kor van Wallinga

Foarskiednis

TANTALUS, Leafde en yntriizjes yn Egypte

Fayda is de dochter fan Safout Eldamaty, de ferneamste krimineel fan Egypte. Tegearre mei syn broer Sabaan jout er lieding oan it Alexandrië Kartel dat wurket út Alexandrië en Caïro wei.

Fayda is troch har heit oanwiisd as syn opfolger en har omke Sabaan moat har op dy rol tariede.

Har heit sels hat plannen om it Egyptysk Museum fan Caïro te berôvjn. Yn earste ynstânsje liket dat ek te slagjen. Dat it lykwols mislearret, komt troch Maher Khayat. In plysjeman út Caïro dy't him foardocht as in hantlanger fan Safout.

De heit fan Fayda wurdt finzen naam. As straf foar it ferried lit sy Maher troch har omke ombringe.

Sels wurket Fayda ûnderwilens by de plysje yn Alexandrië om it Kartel fan wichtige ynformaasje te foarsjen. Dat docht se ûnder de skûlnamme: Merit Shoucri. Har neiste kollega is Zahi Khayat, de broer fan Maher.

Se hat in yntime relaasje mei Zahi, mar hy wit neat fan har dûbellibben. Wylst hy de moardner fan syn broer besiket op te spoaren, docht sy alle war om foar te kommen dat er dy fynt.

Uteinlik ûntmaskeret Zahi har. Sadree't er har wiere identiteit ken, makket er jacht op har.

Fayda flechtet mei har omke Sabaan, dêr't se yntusken in ynsestueuze ferhâlding mei hat. De reis giet nei Athene. Dêr komt in famyljegeheim oan 't ljocht.

It docht bliken dat Sabaan eartiids fereale wie op Wafaa, de frou fan Safout.

Ut grime dêroer hold de heit fan Fayda, syn broer finzen yn 'e kelder en mishannele him swier. Doe't har mem Sabaan befrije woe, brocht har heit syn wiif yn in fleach fan likens om. Om 'e wille fan Fayda hie har omke syn broer holpen de plysje derfan te oertsjûgjen dat ynbrekkers de moard plege hiene.

As bern hat Fayda heal om heal tsjûge fan it drama west, mar se hat de traumatyske ûnderfining ferkrongen. Stikje by bytsje komt it ûnthâld werom, mar se ynterpretearret de bylden ferkeard. Se jout Sabaan de skuld foar de dea fan har mem. Dêrom ferriedt se him oan Zahi Khayat.

Krekt foar de arrestaasje fan har omke komt de wierheid oan it ljocht. Se besiket him te warskôgjen. Te let.

Om oan de sel te ûntkommen en om har, yn in lêste blyk fan syn leafde foar har, frij te pleitsjen, nimt Sabaan alle skuld op him en slacht de hân oan himsels. Hy lit har ferbjustere en ferslein efter, yn it besef dat er har grutte leafde wie.

Hoewol't se troch de selsopoffering fan har omke frijút giet en Zahi har, ek nei mear leagens fan har kant, ferjout en sels mei har trouwe wol, kin se it net ferneare dat har heit gjin rekkenskip ôflizze moatten hat foar de moard op har mem. Se nimt it rjocht yn eigen hannen en bringt him om. Swier fan in bern bedarret se yn 'e finzenis en hat tiid om nei te tinken oer de fraach oft it bern no fan Zahi Khayat of fan Sabaan is.

TANTALUS II Learjild

Fayda Eldamaty sit yn 'e sel. De dei fan har rjochtsaak brekt oan en it is de plysje Zahi Khayat, har âld-kollega en eardere minnaar, dy't har nei de rjochtbank begelaat. Hy

draacht in grutte wrok tsjin har yn him, omdat se syn broer Maher ombringe litten hat.

As de rjochtsaak dwaande is, wurdt hja mei grof geweld befrijd troch Hazam Razek, in trouwe hantlanger fan har heit en omke. Hy bringt har nei Kreta. Dêr kriget se ûnderdak by in freon fan har ferstoarne omke Sabaan: Spiridon Balanakis.

De Gryk jout mei twa fan syn soannen, Cristos en Nikos, lieding oan de misdiedorganisaasje mei de namme: It Syndikaat. Dy operearret út Athene wei.

It bern dêr't Fayda swier fan is, wurdt berne. It blykt fan har omke Sabaan te wêzen. In geheim dat se oan nimmen fertelt. Om't it jonkje har te bot tinken docht oan de dramatyske dea fan de heit, kin se it net opbringe en fiedt him sels op.

Cristos is it der net mei iens dat hja har soan Mustafa ôfstiet. Hy wol mei har trouwe en tegearre mei har en it bern in húshâlding foarmje. Fayda wiist syn houliksoansyk ôf. Sy wol frij wêze en har net bine.

Ynstee dêrfan reizget se nei Egypte, werom nei har bertegrûn. Dêr jout se har soan oer oan de soarch fan har muoike Berenike.

Fayda giet in ferbûn oan mei Hazam Razek. It doel is om it Kartel wer machtich te meitsjen.

Hazam hat dêrom ûndertusken kontakt lein mei Jorinde Sabot, de frou fan de rike Frânsman Claude-Didier Sabot. Sy ha in seksuele ferhâlding. Hazam brûkt dat om har ôf te parsjen. Se moat him ynformaasje jaan oer de saaklike relaasje dy't har man hat mei Wahid El-Khouli, de konkurrint fan it Kartel. As Hazam der op dy wize net yn slagget Wahid op it spoar te kommen, bringt er it stel om.

Fayda knopet kontakten oan mei Saad Orabi, de rjochterhân fan Wahid. Sa komt se te witen, dat Saad in

broer Seif hat, dy't in geastlike en fysike beheining hat. De man is syn haksine.

Dêr meitsje hja gebrûk fan. Se ûntfiere Seif en syn ferpleechster en twinge Saad op dy wize mei harren gear te wurkjen.

Warskôge troch har nije meiwurker foar it twiljochterige karakter besiket Fayda Hazam oan har te binen, troch in seksuele relaasje mei him oan te gean.

Tagelyk fermakket se har ek mei Saad. Dêr komt Hazam efter en hy fielt him djip yn 'e ear oantaast. Hy bringt Saad om en lit it sa lykje, dat dy ombrocht is troch immen út dy syn eigen rûnte, sadat Fayda him net fan de moard fertinkt. De liken fan Saad en syn saneamde moardner, dumpt er by it mortuarium. Mei in boadskip oan Zahi Khayat derby.

By tafal lústeret Hazam in tillefoanpetear tusken Fayda en har muoike ôf en sa heart er, dat Sabaan de heit is fan har soan Mustafa. Syn achtinge foar har sakket nei it absolute nulpunt.

No't Saad dea is, sil Fayda syn handikapte broer frijlitte. Hazam en syn freonen plege lykwols in oanslach op har libben. Se wit te ûntkommen en kloppet by Zahi oan foar help. Alde gefoelens spylje op en se diele it bêd mei-elkoar. Om't Zahi syn plysjepartner ferwachtet, ferfleant har hope om by him ûnderdûke te kinnen en naait út.

Wer stiet se der allinne foar, mar lokkigernôch ferskynt de kavalery yn 'e foarm fan Cristos en Nikos Balanakis.

Hazam ûntfiert Fayda har soan. De konfrontaasje tusken harren beiden fynt plak op in fearboat yn 'e haven fan Alexandrië.

Krekt as Fayda op 'e knibbels twongen is en Hazam har fermoardzje sil, gripe Zahi Khayat en in kollega yn. Hazam falt oerboard en syn neef Abbas springt him efternei. Beide komme net wer boppe.

Fayda en de bruorren Balanakis, wite yn de konsternaasje te ûntkommen oan de plysje. Cristos is ferwûne rekke, mar Mustafa is feilich.

Fayda giet mei Cristos nei Kreta wylst Nikos yn Egypte bliuwt om Mustafa nei Berenike werom te bringen en it Kartel op te bouwen.

Fayda blykt op 'e nij in bern te ferwachtsjen. Mar it is ûnwis wa't de heit is. Cristos, de man dêr't se mei trout? Of is it mooglik fan Zahi, dy't yn Oemnia in nije partner fûn hat?

TANTALUS III

~~~ 1 ~~~

Untankbere Bastert!
Fuotbongel!
Opfretter!
Rudige hûn!

De wurden, útsprutsen mei wreed fenyn, twirren rûn yn syn ûnthâld. Hoe faak hie er se net heard de ôfrûne jierren? Se wiene him ûnder de hûd krûpt as tûzenen wrottende, stekkende ynsekten. Hja gnabben oan syn gefoel fan eigenwearde. Seine dat er neat wie, gjin rjocht fan bestean hie.

Hamid liet him nea ferjitte dat er in ûnderskood bern wie. In bern fan skamte. In skande foar de famylje. It oansjen, de respektabelens, dat wie it ienige dêr't de man him om bekroade. De namme dy't de El-Maghrabi's yn 'e mienskip hiene, wie him hillich.

Mar alle haatlikheden fûnen yn 't genyp plak. Foar 't each fan syn frou Berenike, hold de man de skyn fan harmony binnen de húshâlding oerein.

Hoewol't de ûnfrede en de frustraasje oer syn machteleazens hieltyd grutter waarden, ûnder it oerflak buorrelen, hold er him stil. Om mem har muoike dy't him in thús bea, bûgde er de holle foar Hamid, liet him beskimpe en fernederje en ferdroech it. Oant er it net mear ferneare koe.

Op syn santjinde wie er fan hûs fuortrûn. Allinne as syn pleechheit der net wie kaam er thús foar in besyk oan Berenike.

En no wie hja dea. De ienige persoan fan de famylje dy't

ea om him jûn hie. Hja hie him it gefoel jûn dat er der ta die. Hy hold fan har as wie se syn mem.

Sakrekt hiene hja har tabetroud oan de droege ierde dy't al millennia lang de widze fan de deaden west hie. Op it begraafplak hiene se it fatsoen bewarre, mar no stiene se tsjin elkoar oer. Hy en Hamid. Hja minachten elkoar oant yn 'e kearn.

Hamid luts oan 'e hoeken fan 'e mûle en de karakteristieke, delbûgjende trek ferskynde.

'Dus, Mustafa, do komst om te heljen wat dy takomt?'

Hy knikte. Dit woe er sa gau mooglik ôfhannelje sadat er wer fuort koe.

'Tinkst wier datsto rjocht hast op ek mar ien ding hjir yn dit hûs?'

Oan de toan te hearren, fûn Hamid fan net.

'It fotoboek. Dat is it ienige dat ik hjirwei meinim.' Beret stuts er it kin foarút. Berenike hie it spesjaal foar him makke. Dat hie hja mei in soad leafde dien.

'It fotoboek bliuwt hjir!'

Hy stapte oan Hamid foarby. 'Ik krij it sels wol.' Mar it album lei net mear yn 'e kast.

'Sikest dit?'

Hy kearde him om. Hamid hold it boek fêst. In fjoeroanstekker der flakby. Mei satanyske wille lake de man wylst de flammen de foto's, dy't sa wichtich foar him wiene, fertarden.

Opkroppe emoasjes drigen oer te sieden. Hy koe se noch ynholden en slokte de wrok foar de safolste kear troch.

Rislút rûn er nei de doar.

'Naai mar út. Do hast hjir neat mear te sykjen. As Berenike der net west hie, soe 'k nea tastien ha dat dyn mem dy hjir by ús fuortmuozze hie. Kwea sie lit him net ferleagenje.'

Hy ferbiet him, de toskten stiif opelkoar. Fan wat de man sei, besocht er him neat oan te lûken.

‘Gjin wûnder datsto nearne foar doochst. Dyn mem wie krekt sa!’

De fuotten woene net fierder. Stadich kearde er him om.

‘Ik bin folwoeksen,’ sei er yslík kalm, ‘do bist in âldman. Do hast my net mear yn ’e macht!’

‘Tinkst dat?’ Hamid luts de brede riem út ’e broek.

‘Ik wit it.’ Hy hie in soad ûnderfining mei de pine dy’t de learen reep feroarsaakje koe. Ditkear liet er him net yntimidearje troch it foarútsicht.

‘Ik sil dy wat respekt ynpiperje!’ Hamid helle fûl út. De riem liet in fjoerreade strym efter.

De otterjende swolm yn syn siel barste. Hy ferlear de behearsking en joech de man in huf. Alle krêft fan likens fan it him oandiene ûnrjocht siet derefter.

Hamid rekke út balâns, wankele en foel efteroer. Yn in refleks stuts er de hân út om de man te gripen, mar dy sloech mei de holle tsjin de punt fan it metalen bêd dêr’t Berenike de lêste dagen fan har libben op trochbrocht hie. It kreakjen fan de bonke jage him in huver troch de lea.

De man dy’t him mei hurde hân grutbrocht hie, bleau yn in ûnnatuerlike hâlding sitten. It kin hielendal op it boarst. In hoart lang stoarre er dernei, net witend wat er dwaan moast.

‘Mustafa, wêr bliuwst?’

De stim fan Sabri Osman brocht him wer wat by sûpe en stút.

‘Ik tink dat Hamid dea is.’ flústere er ferbjustere. Hy koe it noch net befetsje.

Sabri knikte. ‘Kroandea!’

‘En no?’

‘Neat as fuort.’

‘Wy kinne him dochts net ...?’

‘Dat kinne wy wol. Of woest de plysje útlizze hoe’t de keardel dea komt? Tinkst dat se dy in opmoedigjend skouderklopke jouwe en dy rinne litte?’

Hy skodholle. ‘Moatte wy him net fuortbringe?’

Sabri krige him by de lurven. ‘Net lulle, meikomme.’

Hy wifke.

‘Harkje Mustafa. Do komst út in famylje dêr’t guon leden fan ta de kriminele elite beheard ha.’

Dêrmei doelde syn freon fansels op syn mem, har heit en har omke.

‘Dyn mem wurdt ynternasjonaal troch justysje socht. De kâns dat immen yn dyn ûnskuld leaut, is sawat nihyl. It is better om te ferdwinen no’tsto de kâns dêrta hast.’

Hy folge de man nei bûten. Sûnt er as santjinjierrige troch de stêd swalke hie, wie it Sabri Osman west dy’t him ûnder de wjukken naam hie. Yntusken seach er him as mentor en surrogaat-heit. It ienige dat er werom hoegde te dwaan wiene lytse kerweikes. Net hielendal legaal mar fan gjin betsjutting. Sûnder Sabri wie it grif net goed mei him ôfrûn.

‘Hasto my net ris ferteld dat de mem fan dyn mem in hûs hjir yn ’e stêd hat?’

‘It hûs fan Wafaa Eldamaty, yn Maadi.’ Berenike hie it alris neamd. Hy hie der noch nea west. Ek net doe’t er fan hûs fuortrûn wie. It hie him sa talike dat dit it earste plak wie dêr’t de famylje him sykje soe en hy woe net fûn wurde. In konfrontaasje mei Hamid woe er fermije.

‘Ik stel foar do makkest it dy dêr smûk. Sil ’k dy dêr ôfsette?’

‘It leafst ferlit ik de stêd.’

Sabri skode efter it stjoer fan de rynkranke auto dêr’t hja

earder mei kaam wiene. De radio kaam oan en in Arabysk deuntsje klonk út 'e kreakjende boksen.

'Net yn panyk reitsje, Mustafa. Júst dan wurde flaters makke.'

'Ik nim oan, ien nacht kin gjin kwea.' It joech him de tiid om rêstich nei te tinken oer wêr't er hinne moast.

Mei de foet swier op it gaspedaal ried Sabri troch it drokke stedsferkear nei de bûtenwyk fan Caïro dy't Maadi hiet.

Hy sleat de eagen en liet syn tinzen gean oer de kear dy't syn libben yn de lêste minuten naam hie. Hoe hjir mei om te gean?

'Ik help dy.' Sabri pakte him efkes by 't skouder.

De âldere man glimke him gerêststellend ta. It joech him it gefoel dat it allegearre wol goedkomme soe.

'Hjir is 't.'

De auto hold stil foar it smei-izeren stek.

Hy stapte út en Sabri ried daliks fuort. Dy moast noch it ien en it oar regelje, wist er. Saken. Hokker oft dat krekt wiene, dêr hie er him net oer útlitten.

De tún lei der ferwyldere hinne. Der hie al lang nimmen mear troch west. Tûch groeide bluisterich. It ferkrong suver de kultuerplanten. Unwennich treau er it stek iepen en sette foar 't earst foet op it túnpaad.

‘Dyn tinzen lykje fier fuort, Fayda.’

‘Hielendal yn Caïro.’

‘De beïerdiging fan dyn muoike Berenike.’

‘Dat is de oare kant fan ús bestean.’ Se suchte djip en seach út oer de see. Cristos kaam efter har stean en lei de earms om har skouders. In gebeart dêr’t treast fan útgie. Tankber krige se syn hannen beet en line mei de holle tsjin syn boarst.

‘Ik hie it regelje kinnen datsto der hinne brocht waardst, dat witst.’

Se knikte. ‘De reis wie net de swierrichheid. Al hoe graach oft ik der ek by wêze wollen hie, it risiko wie te grut. De plysje is wis ek op de hichte fan har ferstjerren. It soe my raar fernuverje as se my net opwachte ha soene.’

Hy tute har krún. ‘It spyt my foar dy, leafste.’

‘Graach hie ’k har de lêste ear betsjûge. It minske hat altyd it bêste mei my foarhân en foar my klear stien. Hja hat sels myn bern grutbrocht.’

‘Ik bin wis dat hja der bewust fan wie datsto har tankber bist.’

Cristos hie der noch altyd muoite mei dat Mustafa net opwoeksen wie yn harren húshâlding, mar geandewei hie er him by de feiten dellein en har winsken respektearre. It holp dat hja tegearre in dochter krige hiene dêr’t er syn heite-gefoelens op konsintrearje koe. Sels hie se har soan ek mist. Mear as hja tajaan woe. Mar se hie har kar makke. Berenike hie faak besocht har oer te heljen om in aktivere rol yn Mustafa syn libben te spyljen, dochs it feit dat har soan hieltyd mear op syn heit begûn te lykjen, skrok har ôf.